



Keatsferiening Easterein - Oprjochte yn 1904

Utnoeging neijersgearkomste KF Easterein op 12 novimber 2014

Bêste minsken,

Wy wolle jimme fan herte útnoegje foar de neijersgearkomste fan Keatsferiening Easterein. Op dizze jûn wolle wy graach mei jimme werom sjen op it ôfrûne jier en ús plannen foar it kommende keatsseizoen beprate. Ek âlders fan ús jongereinleden binne fan herte wolkom.

De gearkomste sil plakfine op woansdei **12 novimber 2014** om **20.00 oere** yn "De Skoalleseize".

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de foarjersgearkomste fan 26 maart 2014.
It ferslach hat elts tagelyk mei de útnoeging krigen. Bin hjir fragen/opmerkings oer?
4. Stikken neijersgearkomste KNKB op 20 novimber 2014
5. Meidielings fan út de neijersgearkomste Federaasje Snits fan 29 oktober 2014
6. Punten fan út it bestjoer, û.o.:
 - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
 - fakatueres: stân fan saken
7. Skoff
8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2015 fêststelle
9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren
10. Keats(t)er fan it jier
11. Omfreegjen
12. Sluting

Oant sjen op 12 novimber!

KF Easterein

